

Oarder fan tsjinst

Sneintemoarn 9.30 oere yn Skuorregea

Wolkom

Psalm 91: 1,2

1 Dy't by de Hear syn skûlplak fûn
mei rynske help ferwachtsje;
al sinkt de dei en falt de jûn,
hy mei by God oernachtsje.
Ik sis tsjin God: 'Myn sterk kastiel,
op Jo wol ik betrouwe,
de rots dêr't ik my feilich fiel,
op Jo kin 'k ivich bouwe.'

2 Do silst net yn 't ferdjerlik net
fan fûgelfangers stjerre;
Hy is it dy't dyn libben rêdt,
gjinn pest sil dy ferdjerre.
Syn brede wjukken oer dy lein
sille_al dyn noed ferdriuwe,
de trou fan God sil sûnder ein
dyn skyld en pânser bliuwe.

Stil gebed

Bemoediging en groetnis

Psalm 91: 3 + Lyts Gloria

3 Al wat dy nachts oer komme mei
sil dy net eangstich meitsje,
al wa't him tsjin dy keart oerdei,
syn pylk sil dy net reitsje.
De pest gie yn it tsjuster om
mar sil dy net beneare,
't ferdjer dat deis soms driigjend komt
sil dy perfoarst net deare.

Eare oan de Heit en de Soan
en de hillige Geast,
lykas yn it oanbegjin, no en jimmer
en fan ivichheid oant ivichheid. Amen.

Skuldbelidenis en Frijspraak Gebod (Ex 20 + Mk.12:28-31).

Liet 215: 1,4,6,7

1 Wurd wekker, minske, en wês bliid.
Gods leafde, bûn oan plak noch tiid,
hat elke moarntiid op 'e nij
wer libbenskrêft en moed foar dy.

4 Wa't eigen gloarje opjaan wol,
rint frij yn 't ljocht en hâldt it fol;
dy giet Gods wegen nei en wit
dat ús de himel net ferlit.

6 De kalme gong, de lytse taak,
mear is net nedich foar Gods saak.
Ussels ferlieze yn 't gebod
bringt ús allinken ticht by God.

7 Meitsje yn jo leafde, Hear, ús ree
foar ljocht en frede op ús stee,
en dat ús libben dei oan dei
as ús gebed Jo loovje mei.

Gebed

Earste lêzing: Jesaja 43:16-21.

Psalm 95: 1,3

1 Us heil, ús rots, is God de Hear,
brek út yn jubel ta syn ear,
lit ús mei lof syn antlit moetsje!
Kom, hef no bliid de lofsang oan
en wol Him yn de iere moarn
mei freugdepsalmen biddend groetsje.

3 De wide seeën binn' fan Him,
Hy hat se skepen mei syn stim,
syn hannen foarmen ek it drûge.
Kom, lit ús ta de Heare gean,
earbiedich foar ús skepper stean
en biddend foar syn antlit bûge.

Twadde lêzing: Johannes 7:53-8:31.

Liet 838: 1,4

1 O grutte God, de leafde sels,
o Heit op wa't wy bouwe,
kom yn ús hert, dat wy ússels
yn leafde oan Jo jouwe.
Meitsje ús it ljocht fan dizze wrâld
en foar de ierde sâltsjend sâlt.
Lit ús jo wurden sizze,
jo wierheid iepenlizze.

4 Jo grutte leafde gie ús foar;
haw tank foar Kristus' kommen.
Wy hawwe doe't Er iensum stoar
jo djipste wurd fernommen.
Noch klinkt dat wurd fan frede_en rjocht,
it wurdt rûnom ta dieden brocht,
dêr't minsken breklik stribje
mar út jo leafde libje.

Ferkundiging

Liet 517: 1,3,5

1 Kristus, Jo iennichstberne,
 Gods Soan fan ivichheid,
 dy't wy as 't heilswurd kenne,
 dat ús de frede_oanseit.
 Jo, stjer boppe_alle stjerren,
 wy sjogge Jo fan fierren,
 jo ljochtglâns is ús dei.

3 Jou dat wy groeie meie
 yn leafde, mear en mear,
 foar Jo en jo geheimen,
 meitsje_ús jo wegen klear.
 Lit ús hjir al ûntfange
 it heil dêr't wy nei langje.
 Kom ús temjitte, Hear!

5 Wy stjerre oan jo goedens
 dy't fan 'e dea befrijet.
 Wy libje yn Jo hoede:
 de âlde mins wurdt nij.
 Feroarje_ús dwaan en tinken
 dat wy oan Jo ús skinke,
 nei hert en siel fernijd.

Belidenis fan ús leauwe**Psalm 27: 1,7**

1 God is myn ljocht en heil op wa't ik bouwe,
 by wa't ik skûlje kin yn feilichheid.
 Hoe soe 'k dan fan fijannich folk besauwe,
 dat as in leger om my hinne leit?
 Al wolle hja manmachtich oer my gear,
 ik bin net bang, myn taflecht is de Hear.
 Hja stuitsje_en falle foar Gods hege wil:
 Hy is 't dy't my behâlde_en rêde sil.

7 Hie ik net leaud, soe ik net fêst fertrouwe
 dat ik Gods goedens om my hinne seach,
 koe 'k yn dit libben op syn heil net bouwe,
 ik wie fergien yn al myn pine_en pleach.
 Jou gjin belies, haw goede moed, myn hert,
 hoopje_op de Hear, Hy komt, ferjit dy net.
 Wês sterk en stel op syn oerwinningsdei
 dyn hoop en wit, de Hear is kommenswei!

**Gebeden mei it Us Heit
 Ynsamling fan de jeften****Liet 422: 1,2,3**

1 Lit de wurden,
 al jo wurden,
 reitsje ús yn 't moed,
 dat wy fruchten drage,
 no en alle dagen
 en dan komt it goed.

2 Lit ús witte,
 nea ferjitte,
 Jo hawwe_ús fersein:
 sêfte krêften kinne
 alle macht oerwinne,
 frede sûnder ein.

3 Lit ús hoopje,
 bidde_en hoopje,
 dat de leafde wint
 en dêr dan by bliuwe,
 libje út it leauwe
 dat Gods ryk begjint.

**De Seine
 Oargelspyljen**